Nifelje: Meunsters

Nedich: papier, ferve yn ferskillende kleuren, wetter, reidsjes, in teeleppeltsje, 'wibeleachjes'.
Tarieding: Knip in koart stikje fan de reidsjes.
Fertinje de ferve mei wat wetter.

Praat mei de bern oer de meunsters út it boek. Hoe sjogge meunsters derút? Watfoar foarmen hawwe se? En watfoar kleuren? De bern meie mei in teeleppeltsje in grutte drip ferve op harren papierke skeppe. Mei in reidsje kin de ferve no alle kanten op blazen wurde en sa ferskine der grappige foarmen. Troch twa wibeleachjes op de foarmen te plakken, feroarje se yn meunsters. De bern kinne der sels ek wat by tekenje of plakke om de meunsters noch moaier te meitsjen.

Sjonge: Lekker sliepe

Nedich: it ferske 'Lekker sliepe' fan Geartsje Douma, fan 'In dei mei Tomke'. Dit ferske is te belústerjen fia tomke.frl. Scan de koade foar in direkte link.

It jonkje út it ferhaal wol net sliepe en dêrom betinkt er in ferhaal dat hieltyd wer langer wurdt. Wolle de bern sels ek wolris net op bêd jûns? Wat dogge sy dan? Freegje om in ferhaaltsje? In gleske wetter? Sjong it ferske en lit de bern ûnder it ferske 'sliepe', mei de eagen ticht op 'e flier. By de twadde rigel 'Nee, net sliepe' springe de bern oerein. Oan 'e ein fan it ferske lizze de bern wer te sliepen. Sjong en doch it ferske in oantal kearen achterinoar.



2
'Lekker sliepe' seit de oppas
'Nee, net sliepe,' rop ik, 'nee!
Mei it ljocht op, toe no, toe no!'
En de oppas seit: 'Nee, nee!'

3
Do moatst sliepe, lekker sliepe.
Net mear seure, nee nee nee!
Eachjes ticht en net mear roppe.'
En dan sis ik mar: 'Okee.'

LESBRIEF Mar earst fong ik in meunster

DE NATIONALE VOORLEESDAGEN afûk

Nasjonale Foarlêsdagen

Fan 26 jannewaris o/m 5 febrewaris binne it de 'Nationale Voorleesdagen'. It printeboek fan it jier is yn 2022 'Maar eerst ving ik een monster'.

Dat printeboek giet oer in hiel koart ferhaal foar it sliepengean. In hiel koart ferhaal dat hieltyd langer wurdt, om't der noch meunsters fongen wurde moatte.
Yn dizze lesbrief fine jim in Fryske oersetting fan it boek: 'Mar earst fong ik in meunster'. Mei dy oersetting kinne jim it boek ek yn it Frysk foarlêze.
Ek fine jim suggestjes foar (taal-) aktiviteiten om it printeboek hinne. Sjoch foar mear ynformaasje oer de Nationale Voorleesdagen op www.nationalevoorleesdagen.nl.

Yllustraasjes © Kees de Boer

Ynteraktyf foarlêze

Ynteraktyf foarlêze wol sizze dat de bern ûnder it foarlêzen aktyf by it ferhaal belutsen wurde. De foarlêzer stelt bygelyks fragen oer wat der krekt foarlêzen is, lit de bern dingen oanwize yn it boek of freget de bern wat sy derfan tinke. Sa kinst as foarlêzer goed oanslute by de bern en wurde de bern mear belutsen by it ferhaal. Ek helpt it de bern om it ferhaal better te begripen. Ynteraktyf foarlêzen kin op alderhande manieren en by alle boeken.

Foar it lêzen:

- Lês foar it foarlêzen sels it boek en de fragen dy't hjirûnder steane in kear troch.
- Sykje in noflik plakje om foar te lêzen. Soargje dat de groep net te grut is, sadat alle bern echt meidwaan kinne.
- Sjoch mei de bern nei de foarkant fan it boek. Dêr stiet in jonkje op. Wat docht it jonkje?
- Lês de titel foar: 'Mar earst fong ik in meunster'. Wat is in meunster? Wêrom soest dat fange?

www.afuk.frl

It Ferhaal:
Mar earst fong ik in meunster

Dit is in koart ferhaal.
Wêrom is it koart?
Omdat it tiid is om op bêd. It ferhaal giet oer dy. Do gongst sliepen. En doe wie it ferhaaltsje alwer út.
Ja, mar earst fong ik in meunster.
In meunster?
Sjoch mar.

Hm, ik sjoch it. Do fongst in meunster.

In soldaat naam it meunster mei. It wie al let wurden, dus do krûptest gau op bêd. En doe wie it ferhaal echt út!
Ja, mar earst fong ik noch mear meunsters.
Nee toch?
Sjoch mar.

Hm, ik sjoch it. Do fongst noch mear meunsters.

It leger kaam om dy meunsters te heljen. De soldaten seine: 'No is it út, mantsje! Meunsters fange is ús wurk. Asto noch ién meunster fangst, stopje wy dy yn 'e gefangenis. Op bêd do!' Dus doe wie it ferhaal echt hielendal út!
Ja, mar earst fong ik de soldaten.
Wat? De soldaten?
Sjoch mar.

Want de soldaten wiene eins ek meunsters.

Doe wiene alle meunsters fongen. De gewoane meunsters en de soldatemeunsters! Der wie net ien mear oer, dus doe koesto gjin meunsters mear fange. Dus doe gongst nei hûs en op bêd en it ferhaal wie út, uter-as-út! Dien! Klear!

Ja, mar earst ûntsnapten alle meunsters.
Net wier! Dat betinksto!
Sjoch mar.

Ik sjoch it. De meunsters ûntsnapten.
Lit my riede: doe fongsto alle meunsters wer?
Nee. De meunsters fongen my.
O nee, wol?
Sjoch mar.
O-o, ik sjoch it: de meunsters fongen dy. Mar dêrnei fongsto de meunsters wer, hè.
Nee.
Wêrom net?
Dit wie toch in koart ferhaal?
It is út.

Ein.

Mar dat is gjin léúk ein!
Kinsto de meunsters net noch ien kearke fange?
No, toe dan mar...

Ik fong de lilke elfkes en juf Kniper en ALLE meunsters...

...op ien nei, dy bewarre ik ûnder myn bêd.
En wie it ferhaal doe einlik út?
Ja, mar do liest it noch in kear foar.

Tips foar lês-, sjoch- en lústerfragen

Praat ûnder en nei it foarlêzen oer de fragen:

- It ferhaal giet oer in jonkje dat op bêd sil. Mar earst moat er noch in meunster fange. Sjochsto it meunster? Is it in eng meunster?
- Wa fertelt it ferhaal, tinke jim? En oan wa?
- 'Ja, mar earst fong ik in meunster.' Wêrom soe it jonkje dat sizze?
- Der komme noch mear meunsters by, en letter ek noch de soldaten. En dan ûntsnappe de meunsters ek noch! It ferhaal wurdt hieltyd grutter. Wêrom is dat, tinke jim?
- Wat fynt de foarlêzer derfan dat it ferhaal hieltyd wer fierder giet?
- Dan is it ferhaaltsje út. 'Mar dat is gjin léúk ein! Kinst de meunsters net noch ién kearke fange?' Wa seit dat? Wêrom is it gjin leuk ein?
- '...op ien nei, dy bewarre ik ûnder myn bêd.' Wêrom soe it jonkje ien meunster bewarje? Soe it miskien syn eigen knuffelmeunster wêze?
- Lêze jim thús ek altyd in ferhaal foar it sliepengean?

Net alle fragen hoege steld te wurden. Foar pjutten is it net in maklik ferhaal, net alle bern sille begripe dat it jonkje besiket it sliepen út te stellen. Kies dêrom fragen dy't passe by de bern of betink sels oare fragen om de bern te belûken by it ferhaal. Lês it boek sa faak foar ast wolst en brûk deselde of oare fragen.

Boartsje: Meunsters fange
Nedich: Hoepels

Yn de boartersromte lizze likefolle hoepels as dat der bern binne. De hoepels binne de huzen fan de meunsters. De meunsters rinne troch de romte en sjonge it ferske mei de liedster mei. Oan de ein fan it ferske stapt elk yn in hoepel. Dan wurdt ien bern de soldaat. Alle meunsters meie wer troch de romte rinne en sjonge it twadde kûplet. By 'Oele boele bije, soldaat, kinst my net krije!' komt de soldaat om de meunsters te fangen (ôf te tikjen). Wa't tikke is, is ôf. By it lêste wurd fan it ferske siket elk meunster wer in hoepel op. De meunsters dy't yn in hoepel steane, kinne net mear fongen wurde.

Oele boele beunster,
ik bin in meunster.
Oele boele bappen,
ik rin mei grutte stappen.
Oele boele baat,
pas op! in soldaat!

Oele boele beunster,
ik bin in meunster.
Oele boele bije,
soldaat, kinst my net krije!
Oele boele bús
Ha ha! Ik bin thús!

Opsisferske fan Geartsje Douma